

Freed 4 novimber 2014 Stadhoudelijk Hof Ljouwert

15.30 Ynrin

16.00 3' Iepening Bert Looper | 4'

Oanbieding skilderij Obe Postma troch OPS-foarsitter George Huitema | 5' Sicco Rypma, foarsitter Gerben Rypma Stifting, oer Gerben Rypma en it portret. | 3' Ofsluting: Janny

Geertsma lêst twa fersen fan Postma: 'Ofskie' en 'It Frysk', it earste as kommintaar op it portret, it twadde as opstap nei de bydrage fan Eric Hoekstra.



16.15 Eric Hoekstra: In betooch oer it nut fan oersetten yn it Frysk.

16.20 Erica Bergema, foarsitter sjuery OP priis, mei it sjueryrapport.

16.30 Taspraak troch Deputearre Sietske Poepjes, rint út op priisoerlanging.

16.40 Tankwurd priiswinner.

16.50 Muzikale bydrage: Jack Bottleneck

17.00 Ofsluting, Bert Looper

Nei ôfrin resepsje

---

Gerben Rypma en it portret

(Sicco Rypma)

Skilder dichter boere-arbeider Gerben Rypma skildere wol gauris portretten fan foaroansteande persoanen. Sa ek fan de Fryske dichter Obe Postma.

It wie lang yn besit fan âld-omkesizzer timmerman Sietze Rypma. Dy skonk it yn 2008 oan it Postma Selskip, mei as betingst dat it skilderij yn brûkliën jûn waard oan de al neamde histoarikus Sytse ten Hoeve. Alle fjouwer mannen, frijfeint.

At we it dan oer oerienkomsten hawwe, Obe Postma en Gerben Rypma dichtsje beiden oer it Fryske lân en de natuer. En wize dêrby benammen op it 'ûnbedoarne' lanlike boerelibben, de tiid fan har jonge jierren en harren langstme dêrnei.

Beide skriuwe ek wat beskôgjend, op ôfstân en kritysk oer de nije ûntwikkelingen dy't der yn it lânskip en de maatskippij plakfine. Se steane om sa mar te sizzen skodholdzjend by it drokke, jachterige libben om har hinne.

De allerlêste oerienkomst, sawol Postma as Rypma binne yn 1963 ferstoarn.

It Obe Postma Selskip (2006) en de Gerben Rypma Stifting (1999) soargje der no foar dat it libbenswurk fan Postma en Rypma ûnder de minsken fan de 21e iuw brocht wurdt. Skilder dichter Gerben Rypma is benammen bekend troch syn skilderijen. Dy hingje rûnom op 'e wrâld. Fryske emigranten krigen wol gauris in stikje Fryslân mei nei Kanada of Australië yn de foarm fan in Gerben Rypma lânskip.

En doe't wy ris minsken opropten mei in skilderij nei de Toochdagen yn kafee de Freonskip fan Blauhûs te kommen, koenen we rom 500 grutske eigners mei 416 skilderijen en de ferhalen derby wolkom hjitte.

Dat wykein is de basis lein foar it boek *Gerben Rypma De Keunstner fan it Dûbele Krús*. In biografyske skets, treflik skreaun troch Eeltsje Hettinga.

De Gerben Rypma Stifting is útgroeid ta in breed Keunst en Kultuer selskip. We hawwe 150 Freonen en organisearre Lêzingen, lytse en grutte Tentoanstellingen, Kulturele Kuiertochten, Midsimmerjûnen, Reve betinkingen, Flaams-Fryske poezij of Russysk-Fryske jûn en dit foarjier noch in heuze Rypma Revue.

Ek ha we Utjouwerij DeRyp oprjochte. De earste útjefte wie de dichtbondel Brek dyn Klank fan Abe de Vries. As twadde in Keunstkalinder, gearstald troch byldzjend keunstner Gerrit Terpstra en dichter Eppie Dam mei as titel De Tafel.

Plannen ha we ek. Gerben Rypma fûn syn ynspiraasje mei namme yn de Sânfurterryp by Greonterp. Hjir wenne hy lang mei syn 2 kij yn in Klinte oan de Aldegeaster Brek. Yn oparbeidzjen mei it Fryske Gea en arzjitekt Nynke Rixt Jukema wurkje we no in plan út om oan it Brekkenpaad, efter Greonterp, in soart Skûlplak te krearjen wêr natuer, kultuer en keunst byinoar komme.

En ek mei KH 2018 binne we aktyf. Mei 10 lytse kulturele ynstellingen út de Súdwest Hoeke ha we serieuze plannen om mei in driuwende Brêge as poadium lâns ferskate doarpen en stêden yn de SWH te farren om dêr in stik op te fieren. Op elk oanlisplak wurdt it stik oanfold troch lokale toaniel ferienings, koaren of korpsen.

Ta beslút

Doe't wy ris in Tentoanstelling moarns betiid om 7 oere iepenen sei skriuwster Berber vd Geest, "Gerben Rypma soe wol sizze, it moaiste fan de dei is al foarby".

En sa is't, der is sáfolle moais te sjen en te belibjen yn Fryslân. Oan inspiraasje en belangstelling gjin gebrek.